

# gewiktgewogen

## De Bidler azemet sfear Moulin Rouge

**Plak:** De Bidler, Wergea.  
**Selskip:** Halbertsma, Wergea.  
**Foarstelling:** Moulin Rouge.  
**Oersetting en regy:** Theo Smedes. **Koreografy:** Tet Rozendal. **Muzikale lieding:** Gerrit Hager. **Belangstelling:** 140 besikers. **Noch te sjen:** 11 maart, alle oare foarstellingen binne útferkocht.

**WERGEA** – It begjin past by de âlderdom fan Toanielferiening Halbertsma, dy't fan 't jier har 140-jierrich bestean fiert. Tom Kamsma komt op as de âldere Christian, giet efter de typemasiene sitten en tikket wat it libben him leard hat: ast leafde joust, krigest leafde werom. Dan giet it los en feroaret De Bidler fan Wergea yn de Moulin Rouge, de ferneamde nachtklub yn Parys. Wat folget is in útbarsting fan kleur, dûns en erotyk. Oan neat is mear te fernimmen dat der in hûndertfjirtichjierrige op it toaniel stiet. Toanielferiening Halbertsma libbet as in hert.

Wa't de film út 2001 fan Baz Luhrmann sjoen hat, freget him ôf hoe't dat wyld spektakel, dat feest foar each en ear, oerbrocht wurde kin nei in sealtsje as De Bidler. Mar lit dat mar oan de Wergeasters oer. De foarmjouwers en de bouploech hawwe de basis lein. It dekor mei sintraal de reade mûne en de grutte showtreppens sit sa fernimstich yn elkoar dat it romte biedt oan tolve spilers, alve dûnseressen en fjouwer muzikanten en dat it

der noch prachtich útsjocht ek.

It is ûnmooglik om de kakafo-ny fan bylden en lûden út de film rjocht te dwaan op in poadi-um. Dat hat regisseur Theo Smedes dan ek net besocht. Wat er oan aksje ynleveret, pakt er werom troch mear romte oan de toanielspilers te jaan.

It ferhaal is itselde. De jonge Christian, dy't krekt yn Parys oankommen is, slút him oan by in ploech jonge keunsters. Hy wurdt behelle yn de plannen om in toanielstik foar de Moulin Rouge te meitsjen en ûntdekt hoe't it is om leaf te hawwen. De moaie kûrtisane Louise set him yn fjoer en flam.

Haadrolspiler Bauke van der Veen leit yn syn spyljen de klam op it ferlegene fan Christian, de begearte nei Louise bliuwt by him wat fierder ûnder it oerflak. Mar dêr stiet dan wer foaroer dat er as sjonger net ûnderdocht foar syn broer Johan, oait de manlike helte fan Twarres.

Christina de Boer bespilet yn har rol fan Louise de manlju op alle mooglike manieren, krôlet as in iel om har hinne, mar is op har bêst – want oandwaanlik - as se de dea yn 'e eagen sjocht. Yn 'e mande mei Van der Veen stiet se noed foar de hege fokale kwaliteit fan 'Moulin Rouge'.

Mar by eintsjebeslút is it foaral in teamprestaasje – mei in grutte rol ek foar de tolve dûnseressen – dat de Bidler dizze dagen de sfear fan Moulin Rouge azemet.